

YUNG FRYSK

REBELSK

MEI IN

MISJIE

In ynspirearjend ferhaal oer dy
bewust wurde fan wa'tst bist en
watst útdrage wolst

Wij SPRAEKEN HIER nederlands HOOR



Sabine (26) har lêste staaasje by Yung Frysk wie life-changing. It makke har bewust fan wa't se is en wat sy útdrage wol. Al dwaande mei har misje blykt har ynfloed op de wrâld om har hinne grutter as ferwachte. Giga, eins.

De ynfloed fan it ferline

Sabine komt út Damwâld en groeide op yn in Frysktalige omjouwing. Fan 't simmer is se ôfstudearre oan de oplieding CMD en no wurket se as kommunikaasjemeiwurker yn Dokkum. Earder op it skoalplein prate elkenien krekt as Sabine en har freondinnen. Letter, op it mbû yn Ljouwert, fernaam se dat se hast hielendal net mear Frysk prate koe. Elkenien prate Nederlânsk, sa like it...

Nei it mbû gong Sabine nei 't hbû. As se dan ris Frysk prate, sei de learaar: 'Wij spreken hier Nederlands, hoor.' Dat wakkere har opstannichheid allinne mar fierder oan; sy 'moast' dêr wat mei. Doe betocht se foar har ôfstudearstaaasje by Yung Frysk* in stikkeraksje dêr't se op alle mbû's en hbû's omtinken mei frege foar it Frysk. En dêrmei ek foar wa't sy is. Want in taal is ek in part fan wa'tsto bist, fansels. De stikers mochten by Sabine op skoalle in dei

RRRRRRRR

hingjen bliuwe. Underwilens prate Sabine yn har skoaltiid hieltyd mear Nederlânsk. Oant har mem sei: 'Bern, wat praatsto raar Nederlânsk mei dy "Gooise r".' No is har Fryske aksint hast hielendal ferdwûn. Moai??

Grien ljocht

Sabine: 'Myn lêste staaasje wie dus by Yung Frysk. Ik folge dêr mei de kollega's in workshop Psychology fan dyn taal. Wy krigen mear ynsjoch yn ús eigen taalgedrach en -gewoanten en wy krigen hânfetten om dêrmei oan 'e slach te gean.

Mei help fan in stopljocht liet de workshoplieder my sjen hoe't it wurket mei taal. Wês dysels en brûk dyn eigen taal. Wat dogge de measte Friezen? Se begjinne fuort yn it Nederlânsk. Krekt as ús mem. En dan is eins alles al ferlern. Wy geane der mar fan út dat de hiele wrâld om ús hinne gjin Frysk ferstiet, mar dat is dus net sa. As ik yn it Frysk begjin en ik krij in Nederlânsk



PARLEZ-VOUS
FRYSK?



WATTE?

antwurd, dan is it dúdlik en hat de oar my ferstien. Sterker noch, yn myn omjouwing fernim ik dat sa'n 80% dêrnei ek oergiet op it Frysk. Soms binne der foaroardielen. Yn ús famylje hawwe wy Fryskpraters mei Surinaamske en Turkske eftergrûnen. Sy fine it echt net chill as minsken tsjin harren Nederlânsk prate en tsjin oaren Frysk.

Oranje ljocht

'Wat zeg je?', krij ik soms as reaksje. Soms is ien in bytsje dôf, of ha ik ûndúdlik praten en moat ik it nochris sizze. Minsken moatte even skeakelje. Ik goai ommers in ferwachtingspatroan omfier en praat gjin Nederlânsk. Dan ûntstiet der in soarte fan ergernis of panyk by de oar om't sy it Frysk net machtich binne. Sjoch, dat hinderet my neat. By oranje ljocht kinst it der dus oer hawwe, hoe dogge wy it mei de taal? Kinne wy elkoar ferstean as wy ús eigen taal prate, en meie wy elkoar befreesje wannear't wy inoar efkes net fersteane? Sa simpel kin it dus ek wêze.

Read ljocht

Fêsthâlde oan dyn eigen taal sjit syn doel foarby as de oar dy wier net begrypt. Dan kinst better skeakelje nei in mienskiplike taal. Oars wurdt it wol wat ûnfatsoenlik en ûngemaklik. Mar skeakelje is ek wolris lestich. Myn freon út de Achterhoeke ferstiet it measte Frysk ûnderwilens wol, mar it begjin wie dreech foar him. Myn freonen pasten harren earst safolle mooglik oan, mar ûnderling gongen sy al gau wer oer op it Frysk. Hoe lestich oft hy it hân hat, ûnderfûn ik pas doe't ik by myn freon yn de Achterhoeke wie en tusken syn freonen stie. Ik koe der gjin patat fan bakke.

De taal fan it hert

By de workshop waard ik my derfan bewust hoe belangryk taal foar my wie. Ik ha der thús oer praat mei ús heit en mem. Us heit set him der no ek foar yn, want hy wit dat as gjinien de taal praat, dy ek ferlern giet. Ek op myn suske en sweager hat it grutte ynfloed hân. Myn sweager hat likefolle Surinaamsk as Frysk dna. No't se tegearre in berntsje krije, wolle se it ek graach yn it Frysk grutbringe. De taal trochjaan omdat it

kin. Om't taal dy riker makket, liniger mei talen, en mear begryp kreëarret foar oaren. It makket dy iepener: hoe sit dat yn in oare taal, yn in oare omjouwing?

Ferskillen

Ik sjoch dat twa doarpen fierderop der al wer oars praat wurdt as by ús yn Damwâld.

Dêr kaam ik op it fuortset ûnderwiis achter. In famke hie 't oer 'kyp'. Kyp? tocht ik, pyk silst bedoele! Soms binne de ferskillen ek lestiger. Wy brûke, foaral by ús yn de Wâlden, graach de tredde persoan om ien oan te sprekken, bygl. 'Wol heit...!', of by in âlder persoan: 'Wol Sjoerd...!'; dat sjogge wy as in foarm fan fatsoen. Doe't ik dat myn freon útlei, fûn er it mar nuver, mar doe't ik by him thús yn de Achterhoeke syn mem in kear oanspruts mei: 'Wil Joke...!', seach sy my oan en frege doe: 'Wil je tégen mij praten, en niet over mij?'. Tsja ?!!!

Yung Frysk: echt, brutaal, rau, aktivistsk en jong. In taalpromoasjeprojekt dat it brûken fan it Frysk promoatet en jongeren entûsjast makket om de Fryske taal op har eigen manier te brûken. Sabine docht dat ek. Sy seit net fan 'hin', mar yt jûns 'pyk', gjin 'kyp' dus, by de nasy. Der binne mear wurden dy't fariearje. Wat seisto?

Setsto dyn fyts tsjin:

- it stek?
- de hikke?
- it hek?

En komt dêr noch "oan" achteroan?

En wat soest sizze:

- doen we dat?
- dogge wij dat?
- do wie dot?
- wêr steane jo aanst?
- wêr stot Marijke aant?
- waar sta jij straks?

Of noch wat oars?

Doech, do, heu, hoi!!



NAH?
HUH?
WATTE?

SABINE HAT IN MISJE AL DWAANDE BLYKT HAR YNFLOED OP DE WRÂLD GIGA

Mear lêze nei oanlieding fan dit ferhaal? In oantal tips:

1. Taal voor de leuk – “Waarom zegt de conducteur in de trein ‘UhLelystad’ in plaats van gewoon ‘Lelystad’? Kun je beter ‘ARG’ whatsappen of ‘ARGH’? Wat zijn dwanglichés? Auto-irritaties? En wat is woordanelkaarplakkisme? Scherp, onderzoekend en met een vrolijk relativiseringsvermogen neemt Paulien de Nederlandse taal onder de loep’ – Geschreven door Paulien Cornelisse.

2. It deiboek – Een tweetalig verhaal over een Fries meisje van toen en een ‘Hollandse’ jongen van nu: wat hebben ze met elkaar gemeen? Wat is er aan de hand met een schilderij en welke rol speelt het dagboek van Jehannes de Groot? Een (voor een deel waargebeurd) verhaal over strijd, moed én echte vriendschap – Skreaun troch Janny van der Molen

3. Himawari House – A young adult graphic novel about three foreign exchange students and the pleasures, and difficulties, of adjusting to living in Japan. Though each of them has their own motivations and challenges, they all deal with language barriers, being a fish out of water, self-discovery, love, and family - Written by Harmony Becker.



YUNG FRYSK

Auteur: Ciska Noordmans
Yllustraasjes: Jelle van Gosliga
Fotografy: Florian Cats

WÊS
DYSEL
DYN
EIGEN
SEN
BRÛK
TAAL